

Sirenes op 'e Wâldwei

kearsang: sirenes op 'e Wâldwei, dat akelich lawaai
sirenes op 'e Wâldwei eltse dei
sirenes op 'e Wâldwei, do makkest dêr wat mei
sirenes op 'e Wâldwei eltse dei

ik haw it autoriden oars noch wol noflik fûn
mar tsjintwurdich op 'e Wâldwei riidt der in meunster rûn
hy kin it net ferneare en riidt achter in oar
hy hat mar ien ambysje: hy moat foar!

kearsang:

kin hy der net omhinne, dan krûpt er op 'e kont
it is syn ear te nei dat der in meter tusken komt
noch hurder as de oaren, want oars sjit it net op
gas op 'e planke en in planke foar de kop

kearsang:

al komt der ek in brêge, al stiet der ek in streep
hy hellet al wer yn, god segene de greep
'k bliid, as ik in klap hear, dat ik der net by bin
mar 'k freegje my wol ôf: wannear kom ik him tsjin?

kearsang: